



Dit is de dei...

Sara en Simon folgje Jezus

troch Foekje-Fleur Fink

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’.

De hiele famylje is doopt yn de Jordaan en in ‘nij libben’ begûn. Yn dat nije libben draait alles om Jezus fan Nazaret. Mar wa is Jezus no krekt? Wêr is hy berne? En hoe hjitte syn heit en mem? Eins hiene se dat oan Johannes freegje moatten, doe’t se doopt waarden. Dy hie it fêst wol witten. Gelokkich binne der mear minsken dy’t Jezus kenne. Dy fertelle de ferhalen troch oan wa’t it mar hearre wol.

Yn de wiken dy’t komme, hearre jim wat de skieppehoeders oer Jezus fertelle. Dy hearden as earsten fan Jezus’ berte. Tagelyk fertelle se ek fan Johannes, want Jezus en Johannes binne famylje faninoar.

It liet fan Maria

Lukas 1,26-56

Sara gappe, ruts de earms út en frege: “Giesto jûn ek mei nei de hoeders, Simon?”

“Hm, ik sliiep noch”, fûtere Simon. “Dat sjochst dochs wol?”

Sara die krekt as hearde se it net en frege: “Witsto noch hoe’t dy man hjit dy’t ús doopt hat?”

Simon kaam oerein, joech Sara in dúst en sei koartwei: “Johannes!”

“O ja, no wit ik it wer: Johannes de Dóper. De hoeder fertelde dat syn heit net prate koe.”

“Hm, dêr wit ik neat fan!” Simon wie moarns meastal koartôf.

“Giest jûn ek mei?”, frege Sara opnij.

“Hm, allinne as myn freonen ek mei geane.” Simon gie wer lizzen en draaide Sara de rêch ta. Mar Sara liet it der net by sitte: “Mirjam en ik geane ek!”

Foar’t de sinne ûndergie, rûnen Mirjam en Sara wer by de berch op. Efter harren hearden se guon oankommen. “Ik tink dat it Simon is mei syn freonen”, sei Sara.

Mirjam en Sara wachten efkes op harren ...

“Soe dyselde hoeder jûn wer fertelle?”, frege Sara. Mirjam skodholle en sei: “Jûn fertelt ús heit. Hy kin hiel spannend fertelle.”

It lêste eintsje draafden se. It waard al tsjuster.
“Ssst,” flústere Mirjam, “ús heit is al begûn...”

Maria wie allinne thús. Har heit en mem wiene al betiid ôfset. Se moasten op it lân arbeidzje. Meastal gie Maria ek mei, mar fan 'e moarn hie mem tsjin har sein: “Soargje do hjoed mar foar it iten. Jûn krije wy iters.”

Harren doarp Nazaret lei oan 'e wei nei Jeruzalem. Geregeldwei kamen der jûns keaplju del om te oernachtsjen. Maria fûn it altyd gesellich as der gasten kamen. Ynienen skeat har wat yn 't sin. Soe se Joazef freegje om fan 'e jûn ek te kommen? Joazef is har freon. Ja, dat soe se dwaan. Gesellich!

Wylst Maria mei in grutte kanne molke oanrinnen kaam, hearde se in stim: “Goeie Maria, de Hear is mei dy. Hy hat dy útkeazen!”

Maria skrok sa bot, dat se de kanne mei molke oer de flier falle liet. En stammere: “Wat wolle jo fan my?”

“Do hoechst net bang te wêzen, Maria!”, sei de stim. “Ik bin in ingel fan God en bring dy in boadskip. Do silst mem wurde fan in soan. Neam him Jezus! Hy sil minsken by God bringe.”

“Mar Joazef dan?”, bibbere Maria. “Hy wit fan neat!”

“It sil net in gewoan bern wêze, Maria. God sels, sil de Heit wêze. En harkje, want ik ha dy noch mear te fertellen: Sacharias en Elisabet, famylje fan dy, krije ek in soan.”

“Mar Elisabet is ommers al hiel âld”, stammere Maria.

“Foar God is neat ûnmooglik, Maria!”

Doe moast se it wol leauwe en sei: “Wat jo ferteld ha, lit dat mar barre.”

En Gabriël liet har wer allinne.

Maria knipere mei de eagen. Wie dit wol echt? Hie se har net fersind? Koe se it mar oan immen fertelle. Oan Joazef? Mar soe dy it wol leauwe?

Se wie bot yn 'e war en gie foar hûs sitten. Dêr bekaam se wat fan de skrik.

Hie de ingel net ferteld dat Elisabet yn ferwachting wie? Soe deselde ingel dan ek by Elisabet west ha? Dan sil sy my fêst begripe!

Sûnder nei te tinken, rûn Maria nei it hûs fan Elisabet. Doe't Elisabet Maria's lûd hearde, sprong it berntsje op yn har búk... Al hiel oeral rôp se: “Do bist de gelokkichste fan alle froulju, Maria! Gelokkich is it bernstsje datsto by dy draachst. Wat in blide dei is dit: de mem fan myn Hear komt by my op besite!”

Doe't Maria de eagen fan Elisabet skitterjen seach, koe se har net langer ynhâlde en begûn te sjongen:

Ik sjong foar de Hear,
Hy is de Rêder fan
in gewoan famke út Nazaret.

Bern en âlderen
sille diele yn it lok fan
in gewoan famke út Nazaret.

Net oan riken en machtigen
hat Er jûn wat Hy joech oan
in gewoan famke út Nazaret.

Ik sjong foar de Hear,
dy't it grutste joech oan
in gewoan famke út Nazaret.